



## FERKIEZINGSPROGRAM 2018-2022

Mei yngong fan 1 jannewaris 2018 is it grûngebiet fan de gemeente Ljouwert gâns grutter wurden troch de weryndieling mei de gemeente Ljouwerteradiel en in part fan de gemeente Littenseradiel.

Njonken de stêd bestiet de nije gemeente no út 35 kearnen, de buorskippen net meirekkene. Dat soks ynfloed hat op de nije bestjoersfoarm is in logyske saak want it plattelân om Ljouwert hinne sil de nedige oandacht hawwe moatte en ek opeaskje. Ferlykje it mar mei in grutte tún om in hûs. It plattelân hat in eigen dynamyk en dy is oars as dy fan de stêd Ljouwert. De FNP is him dat goed bewust en sil de belangen fan de boargers yn de nije gemeente fûleindich fertsjinwurdigje en útdrage.

### De FNP – Wý Wól!!

<b>Ynhâld</b>	<b>Side</b>
Kearnwearden fan de FNP	2
1 Bestjoer en mienskip	3
2 Feiligens	6
3 Ferkear en ferfier	7
4 Wurkgelegenheid	8
5 Ekonomy	9
6 Lânbou	11
7 Natuer en lânskip	12
8 ûnderwiis	13
9 Fryske taal en kultuer	15
10 Sport en rekreaasje	17
11 Sosjaal domein	19
12 Folkssûnens en miljeu	20
13 Folkshúsfesting, steds- en doarpsfernijing, romtlike oardering	21
14 Enerzjy	22

## **De 7 kearnwearden fan de FNP**

Yn de maitiid fan 2006 binne nei it rieplachtsjen fan de ôfdielingsbestjoeren de folgjende kearnwearden fan de FNP fêststeld:

**Demokrasjy:** De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

**Federalisme:** De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsjes, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

**Ynternasjonalisme:** De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

**Taal en kultuer:** Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Bildts en it Stellingwarfs.

**Undernimmerssin:** De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

**Solidariteit:** De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.

**Duorsumens:** De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfertarre siket de FNP nei ekonomyske bestansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

# 1 Bestjoer en Mienskip

## *Bestjoerskrêft nije gemeente*

De weryndieling mei Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel soarget derfoar dat de nije gemeente yn de eagen fan de FNP no grut genôch is. Inkeld grinskorreksjes lykas by Âlde Leie meie noch trochgean, mar dan moat de skaalfergrutting ek ophâlde want de ôfstân nei de boarger wurdt sa stadichoan te grut. De effisjinsje fan in gemeente hinget no ienris net ôf fan de grutte fan de gemeente mar fan de kwaliteit fan it bestjoer en it amtlik apparaat.

## *Mienskiplike regelingen*

No't de nije gemeente substansjeel grutter wurden is, is it needsaaklik om alle mienskiplike regelingen op 'e nij te besjen om dêrmei de demokratyske legitimaasje foar de ried grutter te meitsjen.

Ljouwert sit yn it 'Samenwerkingsverband Noord-Nederland (SNN)'. Dat is in mienskiplike regeling fan Fryslân, Grinslân en Drinte dêr't Ljouwert in advysrol yn hat. It doel fan it SNN is it fersterkjen fan de ekonomyske posysje fan de trije provinsjes. De jildten, it ôfhanneljen fan subsydzjes út Europa dy't it SNN krijt, hearre oer de trije provinsjes ferdielt te wurden. It kin net sa wêze, sa't it no giet, dat "Frysk jild" nei in Grinzer ynstelling tafloeit en dat hast alle eveneminten fan dy ynstelling yn de stêd Grins binne. Ljouwert en Fryslân sjogge te min werom fan it SNN en om dy reden wol de FNP ús bestjoerders yn it SNN oantrune om better foar de belangen fan Ljouwert en Fryslân op te kommen en sa ús ekonomyske posysje te fersterkjen.

## *Nammejouwing nije gemeente*

It grûngebiet fan de nije gemeente beslacht de stêd Ljouwert en 35 plattelânskearnen, de buorskippen net meirekkene. Om dy reden moat der neitocht wurde oer in nije namme dy't rjocht docht oan de stêd Ljouwert en al dy plattelânskearnen.

## *Gemeentlike belestingen en heffingen*

De FNP wol:

- by de harmonisaasje fan de belestingen yn de nije gemeente gjin ekstreme kosteferhegingen fan it totaalpakket oan belestingen (OZB, rioel, ôffalstoffehewing) yn ferliking mei it totaalpakket fan de âlde ôfsûnderlike gemeenten;
- bystelling fan de jierlikse lêsten fan OZB, rioel en ôffalstoffen, op syn heechst mei it ynflaasjepersintaazje;
- in ferienfâldiging fan de rioelbelesting besjen omdat it gebrûk fan it rioel net ôfhinklik is fan de wearde fan it gebou, sa't no wens is yn de âlde gemeente Ljouwert, mar fan it tal bewenners en/of wetterferbrûk yn dat gebou.
- ôfskaffing fan de hûnebelesting; dat is in efterhelle belesting dy't yn de measte gemeenten yn Nederlân net mear bestiet. In hûn sosjalisearret de húshâlding en lit minsken op syn minst in healoere deis bewege en dat is goed foar de sûnens.

By de OZB fan bedriuwsgebouwen is it winsklik dat der in differinsjaasje komt tusken bedriuwsgebouwen en pleatsen dy't noch aktyf foar de lânbou brûkt wurde.

### *Toeristebelesting, parkearbelesting en parkearboetes*

De toeristebelesting wurdt wat de FNP oangiet net opnij ynfierd. As in mearderheid fan de gemeenteried dêr dochs ta beslút dan moat it jild te'n goede komme oan de toeristyske sektor wêrby't yn oerlis mei de ûndernimmers yn dy sektor de ynkommen jilden brûkt wurde.

Parkearbelesting moat net yn de doarpen ynsteld wurde want dêrmei spanne jo it hynder efter de wein oangeande it winkelbestân en de leefberens.

De ynkomsten fan parkearboetes en oare ferkearsoertrêdings moatte safolle mooglik yn de gemeentlike kas sels komme.

### *Kommunikaasje en tsjinstferliening*

De lêste jierren wurdt geregeld praat oer de kleau tusken boargers en bestjoer. Alhoewol't de FNP dat net as sadanich ûnderfynt, is der wol sprake fan wantrouwen en ûnbegryp yn dy relaasje. It liket derop dat "de polityk" it kontakt mei de basis kwyt is. Om de lokale demokrasy te fersterkjen en om de gemeentlike oerheid it fertrouwen werom te jaan, moat besocht wurde ús ynweners mear by de polityk te belûken. Eksperiminten mei direkte demokrasy kinne derby dan ek helpe. Dêrby sil net neffens besteande paden tocht wurde moatte mar mear yn oplossings neffens it prinsipe: 'out of the box'. Yn guon gemeenten is al sa'n syktocht geande. Wy wolle dêr fol fjoer mei oan de slach.

Yn Stiens binne al loketten foar de Wmo dy't ûnderdiel útmeitsje fan it gebietsteam. De tsjinstferliening nei de boarger ta kin ferbettere wurde troch dy loketten út te wreidzjen mei gemeentlike loketten foar saken dêr't de measte fraach nei is. Foar Grou soe dat ek in goede saak wêze.

### *Polityk Foarum*

It Polityk Foarum is de nije wize fan behanneljen fan politike saken troch de gemeenteried. Yn dat Foarum wurdt benammen socht nei nije wegen om boargers by it politike proses te belûken. Mar yn de praktyk slagget soks mar amper. De tasiene ynsprektheid is beheind ta trije minuten. Soks tsjûget der yn ús eagen fan dat de boarger net serieus naam wurdt. De ôfkear fan de polityk sil allinnich mar grutter wurde. Ôfhinklik fan it ûnderwerp en it tal ynsprekkers moat besjoen wurde hoelang't de ynsprektheid wurde kin.

### *Mienskip en partisipaasje*

It gemeentlike Mienskipsfûns wurdt de ôfrûne jierren aardich goed benut. Doch hearre wy de lêste tiid klachten oer de tapassing fan it fûns. Ek berikke ús lûden út de wiken dat kwalitatyf goede plannen net honorearre wurde, wylst krekt in grutte dielname mei entûsjaste bewenners te ferwachtsjen is. De FNP wol de ynweners oantrune om gebrûk te meitsjen fan dat mienskipsfûns. By klachten út de mienskip moat de polityk dêr aksje op ûndernimme.

Nije foarmen fan partisipaasje sille yn it foarste plak út de mienskip wei komme moatte. De rol fan de gemeente moat him beheine ta fasilitearjen en stimulearjen en moat perfoarst net in 'top-down' oanpak wurde.

### *Selsbestjoer doarpen en wiken*

De FNP wol dat doarpen en wiken mear mooglikheden krije om sels har saken te regeljen. Ôfhinklik fan de eigen ambysje en krêft wolle wy derfoar soargje dat in passende foarm fan selsbestjoer ûntstean kin mei in eigen budzjet. Betingst dêrby is dat der per wyk of doarp ien

organisaasje is dy't op demokratyske wize keazen wurdt en foldwaande draachflak yn eigen gebiet hat. De ferieningsfoarm liket dêrta de goede rjochtsfoarm. De hjoeddeistige beneamde wykpanels sille dan ek yn in ferieningsfoarm omset wurde moatte. Jierlikse ferantwurding sawol oan de leden as it gemeentebestjoer fersterket it besteansrjocht. It is dan wol fan belang dat de gemeente de doarps- en wykferienings serieuus nimt, goed kommunisearret en de eigen organisaasje dêrop ynrjochtet.

#### *Fersterkjen sosjale struktuer yn wiken en doarpen*

Yn ferskate wiken en doarpen wurdt (in part fan) it grien al ûnderholden troch bewenners. Sa wurde minsken mear belutsen by har direkte omjouwing en steane se ek mear noed foar har omjouwing. Dêrmei wurdt it 'eigen' en nimt de kâns op oergroeien en fersmoargjen ôf. Benammen yn stedswiken liket ús dy foarm fan sosjale kontrôle in goede saak. It fersterket de sosjale struktuer en de gearhing yn de mienskip.

#### *Buert- en doarpshuzen*

Ljouwert mei de ferskate wiken en de 35 doarpen kin net sûnder in effektyf netwurk oangeande de wyk- en doarpsgebouwen. De FNP stiet der op oan dat dy gebouwen it brûzjend hert wurde fan buert, wyk en doarp. In rom budzjet en in doelmjittich profesjoneel operearjende organisaasje binne dan ek in eask foar dy buert- en doarpshuzen. Ien en oar wol yn nauwe gearhing en oparbeidzjen mei de oanbelangjende wyk- of doarpsferienings. Dêrút wei wurde de measte aktiviteiten yn de buert oanstjoerd. De SBO (Samenwerkende Bewoners Organisaasjes) ferfollet in bysûndere rol as yntermediêr en riedjouwer tusken gemeentebestjoer en buerthuzen.

## 2 Feiligens

*'In feilige gemeente is de basis foar noflik wenjen en wurkjen'*

### *Brânwacht*

De stêd Ljouwert hat in beropsbrânwacht en dat moat goed regele wêze. Foar it grutte plattelân dêromhinne is it fan belang dat de frijwillige brânwacht fan Grou en Stiens bestean bliuwe yn ferbân mei de koartere rydtiden. It wurk fan de frijwilligers wurdt stimulearre, net demotivearre.

### *Rampebestriding*

Troch de oanwêzigheid fan de fleanbasis én fan in tal grutte bedriuwen/ynstallings is it saak om geregeld oefeningen te hâlden yn it ramt fan rampebestriding.

### *Plysje tichtby*

Foar alle doarpen en wiken binne wykaginten beskikber én berikber. Dat wol sizze dat foar gewoane plysjesaken direkt kontakt mooglik wêze moat mei de wykagint. Dat moat net troch in burokratyske omwei fia 112 of de offisjele meldkeamer. As soks net mooglik is dan is it klachtenûmer fan de gemeente de oanwiisde wei, want de gemeente hat rjochtstreekse linen mei de wykagint.

### *Ferkearsfeiligens*

It te hurd riden yn benammen de wenbuerten moat tsjingien wurde. De glêdensbestriding moat net op besunige wurde. Al ús doarpen en wiken moatte berikber bliuwe by snie en glêde diken. Fierder wol de FNP ferkearsfeiligens befoarderje as it giet om swier lânbouferkear en swier frachtferkear.

### 3 Ferkear en ferfier

*‘Ljouwert en de doarpen goed berikber mei auto, bus, trein en fyts’*

#### *Parkearfoarsjennings*

It is net nedich en te djoer om noch nije gemeentlike parkeargaraazjes by te bouwen. Mei wat no om-ende-by de binnenstêd is, kin it ta. De parkeargaraazje Easterstrjitte bliuwt iepen foar it winkeljend publyk en besikers fan de binnenstêd!

#### *Iepenbier ferfier*

It nivo fan it iepenbier ferfier moat op peil bliuwe de kommende jierren. Dêr stiet de FNP foar! Doarpen en wiken moatte dus ek mei de bus en/of trein berikber bliuwe. De FNP kiest foar alternative ferfiersfoarmen by ûnrendabel iepenbier ferfier. Yn it belang fan de reizgers en in goed ferfiersoanbod wurde ferskate ferfiersfoarmen byelkoar brocht. Tink oan de belbussen, Wmo, skoalbussen ensafuorthinne. Ferskate regels, mar ek fersekeringsbetingsten, sitte dat no noch yn de wei. Lokale inisjativen wurde stimulearre om doarpen en wiken goed berikber te hâlden. De gemeente wurket dêrby gear mei de provinsje.

#### *Prins Hendrikbrêge*

As de útkomsten fan it ûndersyk nei it opnij iepenjen fan de Prins Hendrikbrêge posityf binne, wurdt dy brêge wer iepen foar it farferkear. Der wurdt fansels wol rekken holden mei de wachttiden foar it oare ferkear, bygelyks troch konfoaifarren foar 7.00 oere moarns en nei 19.00 oere jûns.

#### *Gjin djoere nije dyk Ljouwert-Snits*

De FNP wol perfoarst net in nije djoere dyk by it spoar lâns tusken Snits en Ljouwert. Dat giet te'n koste fan lânbou en greidefûgels en it is ek net nedich. De besteande N354 moat wol better en feiliger makke wurde. Dat is in taak fan de provinsje.

#### *Fytsferkear stimulearje en kuierpaden*

De FNP wol rom baan foar de fytsers. Dat betsjut frijlizzende fytspaden en earlike wachttiden by de ferkearsljochten dy't geunstich binne foar fytsers. De FNP stiet op it realisearjen fan fyts- en rinpaden op gefaarlike trajekten. It lêste stik fytspaad fan Grou nei Warten moat der no bygelyks einlings komme! Sawol skoalbern as forinzen kinne benammen troch elektryske fytsen flugger en fan gruttere ôfstân mei de fyts komme. Dêrfoar moat út de doarpen wei de stêd goed te berikken wêze mei fytssnelwegen.

#### *Spoaroerwei Skrâns*

Dy oerwei is de drokste fan hiel Fryslân! Troch ferdûbeling fan it spoar Ljouwert-Grins moatte minsken skielk noch langer en faker wachtsje foar it spoar. Dêrom wol de FNP in tunnel ûnder dy oergong, sadat kuierdere, fytsers en auto's flot trochride kinne.

## 4 **WurkGELEGENHEID**

### *Stimulearjen wurkgelegenheid*

It wichtichste sosjaal-maatskiplike probleem yn Ljouwert is it tekoart oan wurkgelegenheid. It feit dat yn de stêd sa'n 5000 húshâldens yn de earmoede sitte, is ús in stikel yn 'e foet. Wy fine dat in ûnferdraachlike en ûnakseptabele situaasje. De FNP fynt dat de kommende kolleezjeperioade alles út de kast helle wurde moat om de wurkleazens oan te pakken. Dêrby binne neffens ús ek fernijende en kreative maatregels nedich. Mei de hjoeddeiske Haachske wetjouwing komme we der net!

Wy sille alles op alles sette moatte om minsken oan it wurk te krijen. Wurk is neffens ús de bêste manier om minsken út de earmoede te krijen. Wy wolle de minsken graach aktivearje.

### *Belestingfrije sônes*

De FNP hat yn de Steaten mei súkses in moasje nei foaren brocht om belestingfrije sônes te kreëarjen yn de plattelânsgebieten. Dat kin it mkb stimulearje en giet ek de krimp tsjin.

### *Mear sizzenkip en mooglikheden Fryslân*

Wittenskiplik ûndersyk hat oantoand dat regio's dy't mear sizzenkip hawwe, ekonomysk (yndikator: bruto nasjonaal produkt) substansjeel better 'prestearje'. Dat betsjut dus dat Fryslân folle mear foech én middels fan it Ryk oerkrije moat om de ekonomy in swingel te jaan. Dêr kinne ynweners fan de gemeente Ljouwert ek fan profitearje.

### *Útkearingen*

Foar de minsken dy't op grûn fan in fysike of psychyske beheining wier net wurkje kinne is de útkearing in fangnet. Dy útkearing moat sa wêze dat de 'voedsel'- of kleanbanken net nedich binne. Dêrneist binne de sosjale wurkplakken in alternatyf foar in kategory minsken. In eksperimint mei in basisynkommen yn de gemeente Ljouwert liket de FNP nijsgjirrich. Dêrneist kinne steds- en doarpstunen minsken oan it wurk helpe.

### *Eigen ûndernimmers stimulearje*

De gemeente moat by it útbesteegjen fan wurk safolle mooglik lokale ûndernimmers ynskeakelje. Wy sjogge no geregeld dat bedriuwen út alle wynstreken hjir wurksumheden útfiere dy't likegoed troch minsken út ús gemeente of út Fryslân dien wurde kinne. Mochten offisjele regels dat yn de wei stean, dan moat socht wurde nei kreative en legale oplossings om it foarinoar te krijen.



## 5 Ekonomy

### *Fêstigingsklimaat*

In goed fêstigingsklimaat foar bedriuwen en middenstân yn de stêd én op it plattelân is tige wichtich foar de mienskip. Mei promoasje dêrfan kin der in libben plattelân bliuwe. Troch gelikense iepeningstiden fan winkels op it plattelân en yn de stêd kin de bedriuwichheid him fierder ûntwikkelje. As der gjin folweardige winkels mear binne yn de doarpen en wiken, kinne der ek 'ôfleverpunten' kreëarre wurde. Yn it romtlik belied en mei fergunnings wurket de gemeente Ljouwert dêr safolle mooglik oan mei.

Ambulante hannel is fakentiden in opstap nei grutter en moat as it heal kin promoate wurde middels stânplakken.

Bedriuweterreinen op foarried foar sawol plattelân en stêd binne needsaaklik foar bedriuwen dy't útwreidzje.

De gemeente stelt him op as in partner fan it bedriuwslibben en besiket de regeldruk te beheinen.

### *Fêstigingsbelied hoareka*

De problematyk yn de binnenstêd en it fêstigingsbelied is in mienskiplik probleem fan gemeente, banken, detailhannel, hoareka, kultuer ensafuorthinne. Der moatte mienskiplike oplossings fûn wurde dy't earlik binne foar alle partijen. Ekstra of ûnderstypjende hoareka is net de oplossing. Dan wurdt in probleem dat ûntstien is by de winkels, in probleem foar de hoareka. Breder bestimme moat diel wêze fan in totaalopknop, wêrby't ek it winkeloerskot oanpakt wurdt. As de merk it talit is der foar de FNP romte foar nije hoarekafêstigings yn de binnenstêd fan Ljouwert. Dêrneist is it fan belang om kritysk te sjen nei hoareka bûten de steds- en doarpskearnen. Ommers foar de oantreklikheid fan de binnenstêd en doarpskearnen is it tastean fan altefolle hoareka bûten de sintra net ferstannich.

### *MKB (midden- en lytsbedriuw)*

It midden -en lytsbedriuw (mkb ) is de rêchbonke fan de Fryske ekonomy. Wy wolle in yntegraal belied opstarte, dat yn it teken stiet fan it stimulearjen fan soksoarte bedriuwen. It betsjut dat by alle gemeentlike maatregels besjoen wurde moat wat de effekten binne op it mkb. Tink oan saken as parkearbelied, iepeningstiden, omjouwingsplannen ensafh. In sûn mkb sil der neffens ús ta liede dat folle mear minsken in eigen saak begjinne en dat der mear kâns is op it oannimmen fan personiel. Wat de FNP in grutte pree fan ditsoarte bedriuwen fynt, is dat it jild dat der fertsjinne wurdt yn prinsipe yn de regio bliuwt. Dat is goed foar de fierdere ûntjouwing fan de Ljouwerter en de Fryske ekonomy.

### *Hoareka en ekonomy*

De (nije) gemeente Ljouwert hat likernôch 340 hoarekasaken. De gastfrijheidsekonomy is fan grut ekonomysk belang. Net allinne yn it ramt fan de wurkgelegenheid, mar ek foar it toerisme is in sterke en ynnovative hoareka wichtich. De hoarekapedriuwen drage by oan de leefberens en oantrekkingskrêft fan ús gemeente, sawol foar ynwenners sels, it bedriuwslibben as ek foar toeristyske besikers. Meielkoar kinne wy banen skeppe, bestegings stimulearje en in brûzende en feilige omjouwing kreëarje.

### *Gastfrij*

De gemeente moat mear as earder in gastfrije, behelpsume en stimulearjende rol spylje om dat mooglik te meitsjen. De gemeente heart neffens de FNP aktyf mei te tinken mei ûndernimmers. Wy moatte mear tinke yn kânsen as yn bedrigings. Dat freget ek in adekwate opstelling fan ús amtlike tsjinst.

### *Toeristebelesting*

De gemeente wurdt minder oantreklik foar toeristen as in ûngastfrije toeristebelesting ynfierd wurdt. Dêrby jildt dan dat hotels en oare akkommodaasjefêstigings ûnterjochte as in soarte fan belestingloket fungearje moatte. Boppedat, alle net-registrearre akkommodaasje-oanbieders (Airbnb, hotelboaten ensfh) wurde net oanslein foar dy belesting en dat is net earlik.

### *Tefolle regels*

De FNP ûnderskriuwt it belang om kriminele eleminten út de sektor te kearen, mar it kin net sa wêze dat de regeljouwing trochslacht. As it giet om de Wet BIBOB moatte gemeenten dêrom hiel selektyf mei dat ynstrumint omgean. Ljouwert is in studinte- en útgeansstêd. De FNP is dan ek foarstanner fan frije slutingstiden foar de hoareka.

### *Rap ynternet*

Tagong ta ynternet is in basisfoarsjenning. De FNP fynt dat rap ynternet, krekt as no yn de stêd, ek foar it plattelân beskikber wêze moat. De gemeente Ljouwert fasilitearret dat, sûnder ekstra kosten of lange fergunningstrajekten. Foar 2020 **alle** wenten yn de gemeente Ljouwert op rap ynternet!

### *Heger ûnderwiis stimulearje*

De FNP wol it hbû en wittenskiplike opliedings yn Ljouwert stimulearje. Ut wittenskiplik ûndersyk hat bliken dien dat ien akademyske baan 6-10 banen opsmyt op in leger nivo op, ien hbû-baan 3-7 banen en 1 mbû'er tusken de 2-5 banen.

### *Beurzekompleks*

De FNP wol dat it grutte beurzekompleks fan it WTC foar Ljouwert beholden bliuwt. It is fan grut belang foar it mkb dat dêr geregeld beurzen plakfine kinne op it mêd fan (bygelyks) boaten, tunen, hobby's ensafuorthinne. Boppedat is dêr de wyklikse feemerk en binne der geregeld kongressen.

## 6 Lânbou

Yn de nije gemeente Ljouwert binne lânskip en romte kearnkwaliteiten fan it bûtengebiet. Mei de gemeentlike weryndieling krijt Ljouwert der in soad plattelân by en dêrmei ek in protte lânboubedriuwen. De lânbou moat as wichtige drager fan it Fryske plattelân de romte krije, mar wol mei respekt foar omjouwing en natuer. De leefberens mei der net ûnder lije. Wy ferwachtsje fan lânboubedriuwen dat se rekken hâlde mei de natuer en dan benammen mei de greidefûgels. Fierder dat se each hawwe foar de feilichheidsaspekten fan it lânbouferkear op de lytse plattelânsdiken, dat se sa min mooglik grûn- en oerflaktewetter fersmoargje en dat se de plattelânsdoarpen fersterkje.

De agraryske ûntjouwing moat net op slot komme troch wylde planfoarmings en ideeën. De FNP wol yn oerlis mei boeren sykje nei mear mooglikheden en foarmen fan natuer-ynklusive lânbou. Boeren moatte dêrfoar kompansearre wurde.

Gebouwen yn de lânbou jouwe goede mooglikheden om sinne-enerzjy te produsearjen. Mar wy wolle net dat lânbougrûn opoffere wurdt foar sinnepanielen of oare enerzjyproduksje.

De lânbou is ta oan in nij haadstik. De hjoeddeiske diskusje oer fosfaatrjochten ûnderstreket dy konklúzje. Mear as yn it ferline sjogge wy kânsen foar agrariërs om it lânskip ek te ûnderhâlden. De FNP is derfan oertsjûge dat boeren dat op de meast effisjinte manier – harren bewust fan de kosten – dwaan kinne as se dêrby de goede begelieding en dúdlike kaders krije. Ek it behear fan beskate natuergebieten kin prima troch boeren útfierd wurde, mar wol sa dat natuerdoelstellingen har gerak krije kinne. Foar al dy saken moat in earlike finansjele fergoeding betelle wurde.

Inisjativen om natuerfreonlik buorkjen minder ôfhinklik te meitsjen fan subsydzjes (en dus minder kwetsber foar besunigings) stypje wy fan herten. Dat kin bygelyks troch in stik fan dy natuertsjinsten werom betelle te krijen fia eigen produkten út 'e merk. De ferbining tusken stêd en plattelân jout dêrfoar kânsen.

## 7 Natuer en lânskip

### *Lânskiplike wearden*

Yn ús gemeente binne noch tal fan âlde lânskipseleminten bewarre bleaun. Tink mar ris oan polderdiken, seediken, tsjerke- en oare paden, terpen, wieren en wettergongen, mar ek krunige stikken, ferkavelingen en sleattepatroanen. Troch grutskalige ûntjouwings yn wentebou, ynfrastuktuer en de lânbou wurde guon fan dy eleminten sterk bedrige. De FNP beskôget de lânskipseleminten as dragers fan it lanlik gebiet. Dêrtroch is Fryslân wat it is. Wy wolle alle war dwaan om sokke karakteristike ûnderdielen fan it lânskip te bewarjen en sa mooglik wer yn eare te herstellen.

Der moat op kreative wize besocht wurde om frijkommende pleatsen foar it lânskip en de takomst te bewarjen en der in passende bestimming oan te jaan. Dat mei lykwols nea ta skea foar besteande lânboubedriuwen en bewenners liede. It is dêrby fan grut belang dat it nei aard en skaal goed past yn it iepen lânskip. Dat jildt ek foar nije bedriuwgebouwen. Dêrby heart in passende beplanting en it ûnderhâld derfan.

### *Grien en beammen*

De spesjale boaiemomstannichheden en it stedske miljeu makket it dreech om beammen goed oan de groei te krijen. Der moat stevich ynvestearre wurde om mear beammen yn de foarm fan leanen mooglik te meitsjen. Yn guon gefallen moat it totale wegeprofyl op 'e nij besjoen wurde. Kwalitatyf goed grien is de FNP hiel wat wurdich!

Ek yn it bûtengebied kin mear dien wurde mei beammen. Benammen de âlde strjitwei fan Ljouwert nei it suden oer Wytgaard, Reduzum en Jirnsum kin op plakken wol in griene oanfolling brûke. Fierders kinne ek partikuliere eigners yn it iepen lânskip mear dwaan oan beplanting op it hiem.

Parken en oare griengebieten, sa as by de Potmarge del, de Skilkampen en de Griene Stjer foarmje de griene longen fan de stêd. Dêrnjonken binne it wichtige rekreaasje- en 'útblaas' gebieten. Oantaastings benammen troch wente- en oare bou is foar de FNP net akseptabel. Wy fine dat dy griengebieten in beskerme status krije moatte en earder útwreide as beheind wurde moatte.

De FNP stipet inisjativen dy't stribje nei mear natuer yn stêd, doarp en plattelân. Ek in sintrum foar natuer- en miljeu-edukaasje stiet op ús ferlanglistje. Wy fine it tige wichtich dat bern al op jonge leeftyd yn kontakt komme mei al it moais oan floara en fauna dat yn it gea libbet.

### *Natuer en miljeu*

De FNP wol it bioferskaat yn de gemeente stimulearje, bygelyks troch blommelinten oan te lizzen, in goed belied foar bijen te fieren en te soargjen foar in ferskaat oan beamme- en plantesoarten. Dat kin troch in ekologysk grienbehear en ferskraling fan de bermen troch it meanguod ôf te fieren en gemeentlik grien en bermen yn te siedzjen mei blomrike mingsels. Yn neifolging fan ferskate gemeenten krijt de gemeente Ljouwert ek in Natuer- en Miljeu-edukaasjesintrum. NME 'De Klyster' yn Noardeast-Fryslân is dêrfoar in goed foarbyld.

## 8 ûnderwiis

*'Goed ûnderwiis jout mear kânsen foar jong en âld'*

De kwaliteit fan it ûnderwiis is foar de FNP tige wêzenlik. Lyksa dat goed ûnderwiis foar elkenien beskikber en berikber is. Dêr heart foar ús by dat alle bern yn Fryslân de kâns krije om har meartalich te ûntwikkeljen. De meartalige ûntwikkeling dy't by de twa- en Frysktalige pjutteboartersplakken al úteinset is, moat net ophâlde by de basisskoalle, mar yn in trochgeande line fan meartalich ûnderwiis trochrinne fan pjutteboartersplak oant Universiteit (UCF). Ek yn it spesjaal ûnderwiis moat der romte komme foar it aktyf brûken fan it Frysk.

It tal trijetalige basisskoallen, dêr't de talen Nederlânsk, Frysk en Ingelsk bewust in kwalitatyf goed plak krije, wol de FNP mei faasje fierder útbouwe. It docht bliken dat trijetalige skoallen mei ta de fiif bêsten hearre. Dat moat op termyn de gongbere noarm fan ûnderwiis yn Fryslân wurde, om't it neffens ús de measte takomstwearde hat foar de bern. Ek de twatalige skoallen, dy't it Frysk as fak en fiertaal ynfierd hawwe en in taalbeliedsplan makke hawwe dat de kwaliteit fan meartaligens foarop set, stypje wy.

De oanbelangjende ynstellings en organisaasjes as skoalkoepels, gemeente en provinsje, moatte ynsette op kwalitatyf goed ûnderwiis. Dat betsjut dat dosinten dy't de swiere taak hawwe om op in lytse skoalle te wurkjen, bettere begelieding en mear minsken foar de klasse krije moatte.

Kearndoelen foar it Frysk sille op 'e nij fêststeld wurde. Wy wolle dat dêrby net de beheinings útgongspunt binne, mar de mooglikheden. De FNP pleitet foar kearndoelen, lykweardich oan de kearndoelen Nederlânsk en ôfstimd op de trochgeande meartalige learline. No't de provinsje Fryslân sels it foech en de middels foar it Frysk yn it ûnderwiis hat, moat it belied echt de fuotten ûnder it gat krije. Wy hawwe berikt dat der in nij evaluaasjesysteem leit mei toetsen, sadat de ûnderwiisynspeksje de kommende tiid de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk krekt sa folgje kin as fan it Nederlânsk.

De oplieding foar de dosinten yn it basisûnderwiis moat dêr ek op ôfstimd wurde. Dêrfoar is de trijetalige stream op de pabû in wichtich ûnderdiel. Yn it fuortset ûnderwiis komt de meartaligens stadichoan ek mear yn it lesprogram. Prachtich materiaal is sûnt koart ek foar hannen. De provinsje moat doelen stelle om it tal meartalige skoallen foar it fuortset ûnderwiis út te wreidzjen. Bern dy't in meartalige ûntwikkeling op de basisskoalle meikrigen hawwe, kinne dan dy learline trochsette. Ek yn it middelber- en heger beropsûnderwiis binne noch tal fan aksjes te dwaan. De FNP pleitet dêrom foar in Deltaplan foar in learline meartaligens yn it ûnderwiis mei heldere doelen en foldwaande middels en materialen.

De FNP sjocht graach dat Ljouwert him noch mear ta in brûzende studentestêd mei ynternasjonale útstrieling ûntwikkelet. Der lizze nije kânsen, no't Ljouwert yn 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa is.

Goed heger ûnderwiis yn Fryslân is fan it aldergrutste belang. Ljouwert hat dêr in grutte rol yn. Sa spylje de NHL, Stenden hegeskoalle en Van Hall Larenstein mei oare kennisinstellingen as Wetsus, Dairy Campus, de Fryske Akademy, de Waadakademy, Tresoar en de Thorbecke Akademy in wichtige rol foar de studinten. De FNP stribbet, no't de Campus Ljouwert (RUG) in feit is, nei de ûntwikkeling fan in eigen universiteit foar Fryslân.

De FNP wol dúdlike subsidyjebetingsten ôfprate mei útfierende organisaasjes as bygelyks skoallen en opliedingen, om twatalich belied foarm te jaan. Fierder wolle we skoallen stimulearje om mei te dwaan oan de foardrachtskriich en om in skoaldiploma Frysk mooglik te meitsjen.

De FNP wol dat de gemeente en de ûnderwiiskoepels harren maksimaal ynsette om lytse skoallen (yn lytse kearnen) iepen te hâlden.

## 9 Fryske taal en kultuer

### *It Frysk*

Ús Fryske taal en kultuer binne by útstek de dragers fan de Fryske mienskip en troch de weryndieling wennet no in grut part Frysktaligen yn de nije gemeente. Foar de nije gemeente sil dat in stimulâns wêze om it Frysk as twadde rykstaal nei in heger plan te tillen omdat it draachflak dêrfoar grutter wurden is. De FNP wol dat yn de nije gemeente Ljouwert de mooglikheden foar de Fryske taal en it brûken derfan troch de gemeente nei de weryndieling minimaal op it nivo fan Littenseradiel komt.

### *Taalbelied*

In goede behearsking fan de Nederlânske en Fryske taal fine wy wêzenlik foar de fierdere ûntjouwing fan Fryslân. Ljouwert, as haadstêd en wichtichste stêd, hat neffens ús dêr in spesjale rol yn. In fernijd taalbelied moat rjocht dwaan oan dizze rol. Troch as gemeente de Fryske taal aktyf te brûken wurdt de brike ferhâlding rjochtlutsen. Yn Fryslân binne der no twa rykstalen wêrfan't de iene dominant en de oere ûndergeskikt is. Yn de praktyk komt it der op del dat de gemeente publikaasjes en oare uteringen tenei dûbeltalich opstelt. De Nederlânsktaligen wurde sa op gjin inkelde wize tekoart dien, wylst de Frysksprekkers sa in foarm fan erkenning krije. De FNP sil der nei stribje dat it Frysk as twadde rykstaal in lykweardige posysje krije sil neist it Nederlânsk.

### *Leeuwarden/Ljouwert*

It mear sichtber meitsjen fan de Fryske taal, tagelyk mei Kulturele Haadstêd 2018, sil in effekt krije op de oantreklikheid fan Ljouwert en Fryslân as twatalige regio. It bewust meitsjen dat Fryslân mei haadstêd Ljouwert in stikje 'bûtenlân' yn Nederlân is, sil foar toeristen, rekreanten en oare gasten nijsgjirrich oer komme. Fryslân en Ljouwert binne mear as de stereotipe Nederlânske tulpen en klompen.

-Strjitnammen yn de stêd wurde oanfolle mei de Fryske fariant.

### *It Liwwadders*

As FNP fine we dat ut Liwwadders un seer waardefol kenmerk foor de stad is. We hewwe wel ut gefoel dat dit de laaste jaren wat achteruut gaat. Dochs fine wy ut de moeite wel weerd dat it Liwwadders in stand blijft want wy mutte der niet an denke dat ut gebrûk fan it Liwwadders mettertied ferlooren gaat. Feitelijk suden wy wille dat der in organisaasje optuugd wurdt die ut belang fan ut Liwwadders weer onder de aandacht fan de Liwwadder befolking brengt. Un Liwwadder segt faak: 'Wat ken 't skele juh!' Nou, ut ken ons wel wat skele want wat is Liwwadden nou sonder it Liwwadders?

Wolkomstpakket nije ynwenners.

Wy stelle foar dat alle nije ynwenners fan de gemeente Ljouwert in wolkomstpakket krije mei dêryn ek de mooglikheid fergees in kursus Frysk by de Afûk te folgjen. Op termyn kin besjoen wurde oft dat oanbod miskien foar alle ynwenners dien wurde kin.

### *Fryske kultuer*

Yn algemiene sin jildt dat de rykdom fan in gemeente ôf te lêzen is oan hoe't de gemeente omgiet mei of him profilearret op it mêd fan keunstsinnige foarming. De stêd Ljouwert mei dan grutte ynstituten as de Harmonie en Keunstwurk hawwe, mar der is fansels folle mear yn de nije gemeente. It plattelân fan Fryslân, dus ek it grutte bûtengebied fan de gemeente Ljouwert mei de 35 doarpen, kenmerket him troch in ryk ferskaat oan kulturele ferienings.

### *Korpsen, toanielferienings, muzykferienings, koaren*

Sawat alle doarpen hawwe wol in korps, toanielferiening, muzykferiening of koar. Al dy ferienings ûntliene har bestean oan de grutte animo fan de dielnimmers. Oars sein, troch de mienskipssin en wat gemeentlike subsydzjejilden is soks mooglik op it plattelân. Hast alle ferienings meitsje gebrûk fan doarpshuzen en mei-inoar hâlde se de leefberens op de doarpen yn stân. De FNP wol dat soks yn de nije gemeente sa bliuwt.

### *Biblioteken*

Alle ynweners fan Nederlân hawwe it rjocht om gebrûk te meitsjen fan in iepenbiere bibliotek om te lêzen of boeken te lienen om sa syn of har ûntwikkeling te ferbreedzjen. Fierders is it in plak om yn 'e kunde te kommen mei it ferskaat oan keunst en kultuer. Tsjintwurdich binne it al moetingplakken dêr't minsken mei-inoar diskusjearje kinne oer alle mooglike saken dy't har op de wrâld, mar ek yn de eigen gemeente ôfspylje. De nije gemeente hat dan ek each foar sokke 'sosjale kafees' en dy meie net foarbehouden wêze foar allinnich de stêd Ljouwert.

Troch skoalfúzjes en nije gearwurkingsskoallen is it fan belang dat de skoalbern de mooglikheid hâlde om boeken te lêzen. No't skoalgebouwen grutter wurde is it opnij ynstellen fan skoalbiblioteken wer ynteressant om dêrmei de algemiene ûntwikkeling fan de jongerein op in heger peil te krijen. Studinten kinne gebrûk meitsje fan de universiteitsbibliotek fan Tresoar.



## 10 Sport en rekreaasje

*‘Sport ferbynt, ûntspant en befoarderet de sûnens’*

Sport en bewegen binne de lêste jierren hieltyd wichtiger wurden foar de mienskip. Dêrby leit it aksint net allinne mear op de ûntspanning. Sportferienings spylje yn de mienskip in binende rol, mar befoarderje ek dat de minsken sûner libje.

De gemeente Ljouwert moat de rol fan sport en bewege in prominint plak jaan binnen it sosjaal domein. De gemeente docht dat troch lokale inisjativen optimaal te stypjen sadat dy de kommende perioade gruttere foarmen oannimme kinne yn stee fan ophâlde te moatten. Sportfoarsjennings as sportfjilden, sporthallen en swimbaden binne foar elk tagonklik, ek foar minsken mei in beheining, wêrby’t de tariven net foar útsluting soargje. Sportakkommodaasjes binne evenredich ferdield oer de hiele gemeente, sadat se foar elkenien goed berikber binne.

De FNP wol dat de gemeente sportakkommodaasjes safolle mooglik yn goede steat oerdracht oan sportferienings en/of lokale ferienings/stiftings. De budzjetten foar sport moatte tichter by de minsken komme, akkommodaasjes kinne hiel goed sels beheard wurde. OZB op sportakkommodaasjes moat ôfskaft wurde sadat de kosten foar de sporters beheind bliuwe.

De breedtesport foar alle ynweners wurdt troch de gemeente aktyf stipe, as it oan de FNP leit. Troch ús topsporters is Fryslân aardich op ’e kaart set. Topsport is in posityf fisitekaartsje foar Fryslân. Fryske sporten lykas fierljeppen, keatsen, skûtsjesilen, reedriden en Frysk damjen meitsje ûnderdiel út fan it fryskeigene en moatte stipe wurde, sadat se har fierder ûntwikkelje kinne. De FNP wol derfoar soargje dat de Fryske sporten in plak krije binnen de projekten fan Kulturele Haadstêd. Benammen op it mêd fan it keatsen lizze der ferbiningen mei oare parten yn Europa en de wrâld. De FNP fynt it wichtich dat gemeente en provinsje dêryn gearwurkje.

### *Sportklup Cambuur*

De Ljouwerter fuotbalklup Cambuur wurdt troch in protte ynweners identifisearre mei de stêd. In hiele grutte groep minsken is op ien of oare wize belutsen by de klup. Party frijwilligers, mar fansels ek betelle krêften, sette har alle dagen yn om de klup better op de kaart te setten. Dêrnjonken is Cambuur ek maatskiplik aktyf yn de gemeente. Allerhanne projekten wurde opset om beheinden, efterstânsgruppen en oaren yn kontakt te bringen mei klup en spilers.

Al lang is der de winsk foar in nij stadion. De fraach is wêr’t sa’n nije arena komme moat. Oant no ta binne der twa opsjes: op it âlde plak of by it WTC. De gemeente is tige belutsen by de planfoarming. It falt net ta om it bedriuwspan rûn te krijen.

De FNP fynt dat Cambuur yn it foarste plak sels ferantwurdlik is foar de plannen. Dat jildt ek foar de finânsjes. Op de eftergrûn soe de gemeente in rol spylje kinne op planologysk mêd. In nij stadion mei der net ta liede dat der konkurrinsje ûntstiet mei de winkels en bedriuwen yn de binnenstêd. Wy steane foar allinne oanfoljende bedriuwichheid by it nije stadion!

### *Rekreaasje*

*‘Rekreëarre yn in prachtige, gastfrije gemeente’*

Rekreaasje en Toerisme is in wichtige sektor foar de Fryske ekonomy mei alle jierren in omset fan sawat 1 miljard euro en 20.000 banen. Der is ek op dat mêd ferlet fan mear kwaliteit om oan de winsken fan de toerist te foldwaan. De provinsje stimulearret dêrom it ferbetterjen fan

kwaliteit en fasiliteiten by de lytsskalige ferbliuwsrekreaasje (campers, boerecampings) troch de Stinaf-regeling, wêrby't ûndernimmers yn de toeristesektor subsydzje oanfreegje kinne.

De FNP stiet oan op gearwurking tusken ûndernimmers yn de rekreaasje-hoarekasektor en kulturele organisaasjes bygelyks yn de foarm fan arranzjeminten. In foarbyld binne de kultureel-histoaryske aktiviteiten fan Littenseradiel en Ljouwerteradiel. Dy bliuwe bestean en kinne mooglik ferbining krije mei saken yn de stêd. Mei it each op kultuer-histoaryske rekreaasje is it wichtich om mear te dwaan mei musea, monuminten, doarpsgesichten, lânskipseleminten ensafuorthinne.

De FNP wol de fyts- en kuiertochten en kultuerrûte's yn stân hâlde.

#### *Noardlike Alvestêdefarrûte*

No't dy farrûte syn beslach krigen hat is it in goede saak dat it flankearjend belied by dy rûte fierder stal krijt om de rûte attraktiver te meitsjen foar de wetterrekreaasje. Dêr wurdt mei bedoeld dat de ferskate bestimmingsplannen by dy rûte útnûgjend binne om private partijen yn de gelegenheid te stellen om har ideeën en winsken te realisearjen om sa in ympuls te jaan oan de wetterrekreaasje yn Noardwest-Fryslân.

#### *Rekreative paden yn it bûtengebiet*

Omdat de 'baby-boom'-kategory de kommende jierren in protte frije tiid krijt, is it winsklik dat âlde tsjerkepaden en jaachpaden, dy't yn disoarder rekke binne, yn eare hersteld wurde. Dan kin dy groep minsken, faaks mei wat fysike beheiningen, dochs ek noch feilich gebrûk meitsje fan it rekreative bûtengebiet.

#### *Skaaf mut blieve!*

Sealen Schaaf is al mear as hûndert jier in trekpleister fanwegen allerhanne kulturele eveneminten dy't dêr holden wurde. De FNP fynt dat de binnenstêd libben wêze moat. Op meardere plakken mei der romte wêze foar muzyk, dûns ensafuorthinne. Wy wolle dêrom de hoarekafunksje fan Schaaf behâlde. De hjoeddeistige hierders krije de kâns har saak fierder op te bouwen. De gemeente kin wat ús oanbelanget de gebouwen ferkeapje. Ynstek moat wêze dat de âlde sfear fan Schaaf bewarre bliuwt.

No 't Ljouwert keazen is ta Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018 (KH2018) lizze der pracht kânsen foar ús Fryske mienskip. Ferbiningen kinne lein wurde mei oare gebieten yn Nederlân, mar ek mei oare regio's yn Europa. Sa ek mei de oare Fryslannen. KH2018 sil ekonomysk in protte foar Ljouwert en hiel Fryslân opsmite, mar ek op kultureel mêd sil it in ferriking wêze fan, foar en troch de mienskip. It is de kâns om no winsken te fersulverjen, dy't bliuwend in útwurking ha yn de takomst.

De FNP fynt dat der yn de projekten fan KH2018 ek in dúdlik plak wêze moat foar meartaligens, sadat it Frysk in ekstra ympuls krijt. De FNP tinkt dêrby ûnder oaren oan it projekt 'Lân fan Taal', in multymediaal sintrum foar taal, skiednis en kultuer. Mei troch dat sintrum kin Fryslân him sjen litte as it sintrum fan Europeeske meartaligens.

De Provinsje sjocht KH2018 dúdlik as in stimulâns foar taal, keunst en kultuer yn Fryslân.

De FNP wol dêrby graach de klam lizze op de aktivearjende mooglikheden fan KH2018 foar de eigen befolking. Foar de ûnderskate projekten yn it ramt fan KH2018 moat dêrom socht wurde nei safolle mooglik partisipaasje fan keunst en keunstners út Fryslân.

## 11 Sosjaal domein

*‘Maatwurk binnen de soarch foar kwetsbere boargers’*

De FNP stiet derop oan dat minsken dy’t soarch freegje safolle mooglik sels meidwaan kinne. Maatwurk moat dêrby it biedwurd wêze. Der wurdt al in soad wurk ferset troch frijwilligers, de druk op mantelsoargers nimt lykwols ta. Dy moatte wêr’t dat kin, ûntlêstge wurde troch in goede ôfstimming op profesjonele help. Wy stribje dernei dat sa min mooglik byelkoar lâns wurke wurdt: ynsette op it fuortheljen fan barrières (‘ontschotting’), minder burokrasy en minder regels.

Foarsjennings foar minsken mei beheinings moat neffens de FNP in algemien akseptearre noarm wêze en net, sa as no faak, mear útsûndering as regel. Lokaal gemeentlik belied kin toetst wurde oan de ynternasjonale regels dêr’t alle oerheden oan foldwaan moatte neffens it minskerjochteferdrach foar minsken mei funksjebeheinings fan de Feriene Naasjes. Belied dêrfoar kin it bêste makke wurde yn gearwurking mei de belangegroep.

De FNP wol de kânsen dy’t der ûntstean foar boargers op it mêd fan wolwêzen, oppakke en út stipepunten yn doarpen en wiken wei de soarch foar jong en âld organisearje. De FNP wol de doarpen fasilitearje om dat op poaten te setten. Troch alle ûntwikkelingen moatte wy der foar soargje dat kwetsbere minsken yn ús maatskippij net bûten de boat falle.

By de harmonisaasje binnen it sosjaal domein moat derom tocht wurde dat de wurkwize dy’t yn de doarpen om Ljouwert hinne goed wurket (gebietsteams oanstjoerd troch de gemeente), foar de ynwenners safolle mooglik itselde bliuwt. Koarte linen, transparante kommunikaasje, heldere oansprekpunten, kontaktpersoanen (kliïnterieden, famyljerieden ensafuorthinne).

### *Earmoedebestriding*

Sa’n 5000 húshâldens yn de gemeente falle ûnder de earmoedegrins. Dat betsjut dat sawat 15.000 ynwenners op ien of oare wize jild tekoart komme. Op it totaal fan de stêd is dat omtrint fyftjin persint! Wy fine dat ûnferantwurde. Wiken as Heechterp/Skieringen, Bilgaard en Wielepôle/Skippebuert steane al jierren boppe-oan de lanlike listjes fan efterstânwiken. Dat moat no mar ris trochbrutsen wurde.

De FNP is de partij fan ûnderen op! Ek op it fraachstik fan earmoede sil de oplossing ynearsten út de basis wei komme moatte. Wiidweidich oerlis mei de minsken dy’t it oanbelanget sil ta nije ynsichten liede moatte. In fernijd, mar foaral effisjint earmoedebelied moat útdraaie op struktureel minder earmoede yn de stêd.

## 12 Folkssûnens en miljeu

### *Reekfrije skoalpleinen*

Skoalpleinen yn de hiele gemeente Ljouwert wurde reekfrij. Itselde jildt foar plakken dêr't pjutten en beukers boartsje.

### *JSF-fleantugen*

Mei de komst fan de JSF moat it nije mjitpuntenet fan lûdsmjittingen net in formaliteit wêze mar moat der wol yngrypt wurde wannear't bliken docht dat de boarger ûnevenredich skea oprint fanwege de lûdsbelesting. Benammen de pykbelesting by opstigen en dalen is in punt fan grutte soarch. Foar it fynstof en oare sûnens bedriigjende stoffen dy't de fleantugen produsearje, jildt itselde.

### *Evenemintelawaai*

De 24-oere-ekonomy hat syn yntree dien mar dat mei net betsjutte dat lawaai-oerlêst by bûteneveneminten no dy kant ek út giet. Yn de simmerperioade wurde bûten de doarpsfeesten om hieltyd mear eveneminten organisearre dy't sels oant de iere moarn in bulte leven produsearje. Benammen nachts soarget soks foar grutte problemen foar al dy minsken dy't deis wer oan it wurk moatte. It soe in goede saak wêze om in eintiid yn te stellen of in maksimum te stellen oan de lûdsbelesting yn de nacht, fergelykber mei de lûdsbelesting fan it weiferkear nachts.

### *Oerlêst hûnestront*

In saak dy't in soad argewaasje jout is de oerlêst fan hûnestront. Der moat better op tasjoen wurde dat hûneminsken de stront fan harren hûn yn de iepenbiere romte opromje. De kosten moatte út de algemiene middels helle wurde.

### *Swerfôffal*

It docht bliken dat de lêste tiid wer mear hús-smoargens, grof húshâldlik ôffal en sloopôffal telâne komt dêr't it net hinne moat (bûtengebied en beamrike plakken). De iepeningstiden fan de miljeustrjitten yn sawol Ljouwert, Grou as Stiens binne dêr faaks debet oan. Troch oeral deselde iepeningstiden te hantearjen, bygelyks oant 17.30 oere, is it 'winkeljen fan ôffal' net nedich. Dejinge dy't dochs noch trappearre wurdt op it dumpen fan ôffal kin in boete yn 'e mjitte sjen en soe middels in soarte fan 'Halt-projekt' op in sneon rommel yn de natuer oprêde moatte.

### *Ljocht yn it bûtengebied*

Tsjusterens by nacht is in kearnwearde foar de kwaliteit fan ús leefomjouwing. Ljochthinder troch bedriuwsgedebouwen, glêstúnbou, stâlen, strjitferljochting en reklame moat sa folle mooglik tefoaren kommen wurde. De ferljochting en reklame op it bedriuweterrein Hendrik Algrawei/Newtonpark kin en moat minder oerlêst jaan.

## 13 Folkshúsfesting, steds- en doarpsfernijing, romtlike oardering

Wentebou yn de doarpen is tige wichtich foar de leefberens en it iepenhâlden fan skoallen en oare ynstellings. Dêrom moat it bouwen yn lytse doarpen ek mooglik bliuwe. Dêrby tinke we oan keap- én hierwenten. By it ûntwikkeljen fan wenplannen wol de FNP benammen rekken hâlde mei it ferlet fan ynwenners fan doarpen dy't in ekonomyske en sosjaal-maatskiplike bining hawwe. Op de doarpen, mar ek yn guon stedswiken, moatte ek folle mear libbensrinbestindige wenten boud wurde, sadat âlderen sa lang mooglik yn it eigen doarp of de eigen wyk wenjen bliuwe kinne.

De 'kontinginten' moatte lykweardich ferdield wurde oer stêd en doarpen neffens ynwennertal. Duorsum bouwe en it goed isolearjen fan wenten fynt de FNP in goede manier om te besparjen op enerzjy.

### *Bedriuweterreinen en fisy gebiet Harnzerfeart*

De ûntwikkeling en it opknappen (revitalisearring) fan besteande bedriuweterreinen kin tefoaren komme dat in te grut berop dien wurdt op in protte lân bûten de stêd. It âlde bedriuwegebiet tusken Harnzerfeart, Marshallwei en Heliconwei leit der oer it algemien suterich by. Nei it reekommen fan de nije Westlike Ynfalswei wurdt dat de wichtichste ferbining nei it sintrum ta. Sa'n sône heart in fisitekaartsje foar de stêd te wêzen en dat is it net. De FNP fynt dat yn oerlis mei bewenners en bedriuwen in takomstfisy skreaun wurde moat. Der moat besjoen wurde oft der foar dit gebiet yn stee fan bedriuwen net folle mear oan wentebou of apparteminten tocht wurde moat.

De noardkant fan de Harnzerfeart is ûnderdiel fan it eardere Ljouwerter 'Manhattan'. No't in grutte tebekgong plakfynt yn de tsjinstesektor, moatte de knopen op 'e nij teld wurde. Ek dêr is in fisy nedich. Miskien mear en moaier bouwe oan it wetter? Gjin kantoaren mear, mar wenje oan de feart.

### *Net-monuminten ál beskermje*

In part fan de âlde en karakteristike bebouwing fan stêd en doarpen is goed beskerme troch de Monumintewet. Der binne ryks- en gemeentlike monuminten. Lykwols binne der ek opfallende, moaie, sfearbepalende of oarsoartich wichtige gebouwen of strjitwanden dy't no gjin beskerming hawwe. Feitlik binne se fûgelfrij en kinne se dus sloopt of yngripend en ûnwerkenber feroare wurde. Wenten ombouwe ta bgl. in garaazje moat foarkommen wurde.

De FNP wol gebouwen dy't in wichtige rol spylje yn de ûnderfining en it gefoel fan doarpen en stêd hoedzje foar sloop of ferbou. Om in goed byld te krijen fan wat ús ynwenners moai fine, moat der yn gearspraak mei dy boargers in list opsteld wurde. Per doarp of wyk kinne gebouwen oanmeld wurde foar beskerming. Oer op syn meast fjouwer jier moat de saak beklonken wêze, sadat gjin karakteristike bebouwing mear ferlern giet yn ús gemeente.

### *Musea, âldheidkeamers, histoaryske gebouwen ensafuorthinne.*

Fryslân en ek de nije gemeente kinne net los sjoen wurde fan de skiednis en de ûntwikkeling dy't te tankjen is oan de oanwêzigheid fan wetter. De Gouden Iuw wie tagelyk de start fan de yndustriële revolúsje yn Nederlân en Fryslân. Troch de mûnen naam dat in grutte flecht en begûn de rykdom ek foar Fryslân en benammen Ljouwert. Al dy eleminten fan doe binne noch byldbepalend foar sawol de stêd as syn omjouwing. Dat moat as it heal kin yn stân bliuwe. Wa't syn skiednis net ken, hat ek gjin takomst!

## 14 Enerzjy

Yn it ramt fan duorsume enerzjyfoarsjenning sjocht de FNP net folle yn megawynparken op lân. Dy kinne allinnich út as der in grutte pot mei subsidyzjes tsjinoer stiet. Yn finansjele sin is it dus perfoarst net duorsum! Stroom en gas wurde hieltyd djoerder en dat beheint minsken yn har keapkrêft en makket de earne minsken earmer. As ‘back-up’ moatte der altyd stroomsintrales op gas, koalen of uranium ‘stand-by’ stean, foar it gefal de wyn weifalt. Dêrmei wurdt dus gjin enerzjy besparre, it freget krekt ekstra branje.

De FNP sjocht grutte kânsen foar ierdwaarmte. It liket derop dat krekt Fryslân grutte mooglikheden hat foar it benutten fan waarm, hyt of sels siedend wetter as enerzjyboarne. Der moat mei faasje begûn wurde mei neier ûndersyk nei dizze saneamde geotermie. Wy tinke dêrby oan in publyk-private konstruksje wêrby’t gemeentlike en provinsjale oerheden in gearwurking oangeane mei beskate bedriuwen. Dêrby wurde de finansjele risiko’s ferparte. Omdat it om in proef giet, moat der dus risikodragend kapitaal oanlutsen wurde. Net elke boarring is raak! Sjoen de grutte mooglikheden by sukses fine wy in proef wol te ferantwurdzjen.

Ôfhinklik fan de útkomsten fan ûndersyk moat besjoen wurde hoe’t dy foarm fan enerzjy Fryslân fierder bringe kin. Mooglik kinne wy sels mei geotermie ús eigen stroom opwekke. As der in protte goedkeape elektrisiteit beskikber is kinne we dat ferkeapje of brûke om de wurkgelegenheid mei nije bedriuwen te stimulearjen.

‘Kennis is macht’ wurdt wol sein. As wy mei help fan Wetsus en oare ynstituten ek in kennisnetwurk foar ierdwaarmte opbouwe kinne, is it mooglik dat ek te ferkeapjen. It stribjen nei in foarsprong yn dizze mearje krijt prioriteit.

De FNP is tsjinstanner fan grutte sinneparken omdat dy it lânskip slim skeine. Allinne as it past by de aard en skaal fan in doarp, binne lytse parkjes mooglik. Yn sa’n gefal moat de mienskip mei profitearje. Wy jouwe de foarkar oan it pleatsen fan sinnepanielen op bygelyks lisboksstâlen, skoallen, sporthallen en bedriuwgebouwen.

Wat de wynturbines oanbelanget kieze wy foar in útstjerkonstruksje. Wy wolle gjin nije mûnen yn it bûtengebied. De FNP wol derop ta dat de eigners meidwaan kinne yn klusters op see.